




## Myn trein

Tsjoeke tsjoek, dêr is de trein.  
Poppe, stap mar yn.  
Der is ek noch wol in wein  
foar bearke en foar knyn.  
Hâld jim fêst, want de trein  
'tút tût tût' set útein.



### Trein

De trein kinst ek fan teedoaskes meitsje.

Foar de lokomotyf hast 2 doaskes nedich. Op it iene doaske litst it deksel sitte en fan it oare knipst in stik fan it deksel sadat it tichte doaske der yn past. Kinst der ruten opplakke fan stikjes papier.

Kinst der safolle weintsjes achteroan dwaan ast sels wolst. Fan de weintsjes dy't der achteroan komme, knipst de deksels fan de doaskes ôf, dan kinst der wat yn dwaan. Kinst de weintsjes mei in toutsje oan elkoar fêst meitsje.

